

Penninc en Vostaert

De Roman fan Walewein

oerset troch Klaas Bruinsma

neffens de útjefte fan:

Dr. G.A. van Es:

De Jeeste van Walewein en het Schaakbord,
printe by W.E.J. Tjeenk Willink, Zwolle, 1957

Colofon

ISBN: 978 90 8954 243 4

1e druk 2010

© 2010 Penninc en Vostaert

©Fryske oersetting Klaas Bruinsma, 2010

Exemplaren zijn te bestellen via de boekhandel
of rechtstreeks bij de uitgeverij:

Uitgeverij Elikser B.V.

Ossekop 4

8911 LE Leeuwarden

Postbus 2532

8901 AA Leeuwarden

Telefoon: 058-2894857

www.elikser.nl

Vormgeving omslag en binnenwerk:

Evelien Veenstra

Niets uit deze uitgave mag worden verveelvoudigd, opgeslagen in een geautomatiseerd gegevensbestand en/of openbaar gemaakt door middel van druk, fotokopie, microfilm of op wat voor wijze dan ook, zonder voorafgaand schriftelijke toestemming van de auteur en de uitgeverij.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Penninc en Vostaert

De Roman fan Walewein

oerset troch Klaas Bruinsma

neffens de útjefte fan:

Dr. G.A. van Es:

De Jeeste van Walewein en het Schaakbord,
printe by W.E.J. Tjeenk Willink, Zwolle, 1957

Ynhâld

Ynlieding	7
1 De hanskripten	7
2 De twa auteurs	8
3 De ynhâld	9
4 De ynfloed fan mearkes en it Keltyske elemint	10
5 Beslút	11
De Roman fan Walewein	15
Noaten	335
List fan eigennammen	343

Ynlieding

De Roman fan Walewein is de grutste Arturroman fan de midsieuske literatuer yn de Nederlannen. It grûnpatroan is in keatling fan trije “kweesten” (speurtochten) dêr’t Walewein, de heit fan alle aventoeren, ta útdage wurdt. Hy moat bemasterje it swevende skaakboerd, it swurd mei de twa ringen en – de klimaks – in breid foar de kening. De lêste giet krekt op tiid dea, dat ús held Walewein kin Isabelle as syn eigen leave frou winne.

De twa auteurs: Penninc (70%) en Vostaert (30%) ha der in spannend gehiel fan makke, dat nettsjinsteande gâns bluodrige gefjochten, mear as in spektakelstik wurden is.

Dapperheid en eare, leafde en trou en falske listen spylje in rol yn dit bûnte, bytiden magyske byld fan de “hoofse” ridderskip yn de midsieuwen.

1. De hanskripten

De Roman fan Walewein is mar ien folslein hanskript fan bewarre. Dit hanskript, neamd L, berêst yn de bibleteken fan de Maatschappij der Nederlandse Letterkunde te Leien, ûnder nûmer Hs. 195 II.

It is net de oarspronklike autograaf, mar in ôfskrift, in kopy. Letter binne fragminten ûntdutsen fan in oar hanskript, sa’n 400 rigels. Dit berêst yn Gent, wurdt dêrom neamd manuskript G. It hanskript L is troch twa hannen skreaun (twa ôfskriuwers). De skieding leit by 5.784; dit is û.o. te sjen oan de stavering en it gebrûk fan lêstekens.

Dit hanskript datearret fan likernôch 1350; it is ta stân kommen mear as 50 jier neidat Penninc en Vostaert har wurk skreaun ha. En de lêste kopiïst seit: “Dit boek is delskreaun yn it jier teld trettjinfyfich”.

2. De twa auteurs

De Roman fan Walewein is dus it wurk fan twa dichters, t.w. Penninc en Vostaert. Ofsjoen fan har nammen, dy't wy kenne út 'e prolooch en de epilooch fan de tekst, witte wy neat mei wis-sichheid fan har. Miskien kamen hja út West Flaanderen, miskien wienen it "klerken" oan it hof fan de greve fan Flaanderen yn de twadde helte fan de 13e ieu.

Penninc is it ferhaal begûn. Mar hat er de yntrige, de opset fan de hiele roman betocht? En wêrom skriuwt er:

"Hie ik it fûn yn Frânske taal
'k die jim yn 't Nederlânsk 't ferhaal.?" r 4 en 5

En wêrom seit Vostaert:

"It Frânsk ferhaal dielt mei: it boerd (it skaakboerd)
sette de seal alhiel yn gloed." r 11.142. en 11.143.

Dit wiist derop, dat it ferhaal dochs net oarspronklik is, mar in Frânske boarne hat, dy't hja ferwurke ha ta de ridderroman. En wêrom hat Penninc syn wurk net foltôge? Wie it him te mânsk op 'e lange doer of hie er morele beswieren tsjin al dy bluodrige gefjochten of de seksuele moraal? Of is er siik woarn en 'gewoan' deagien? Allegear fragen sûnder antwurd. Wij kinne hjirfan al-linne sizze wat Vostaert oan de ein seit:

"Penninc, dy't dit gedicht skreaun hat
hat net bot wiis west yn syn brein,
dat er 't ferhaal net brocht ta d' ein.
Pieter Vostaert hat dit op 't krektst,
sa goed er koe, neffens de tekst
fuortset, troch Penninc al beskreaun.
Mar wie 't ferhaal sa efterbleaun,
it hie my muoid. Om't d' ein ûntbrekt,
mien 'k dat men net mei eare sprekt
oer d' earste dichter. 't Skreppen en
syn arbeid soenen sa ferlern
gean, neat mear wurdich as twa kearsen.

Sa'n trijentrytich hûndert fersen
hat Piter neffens syn talint
yn sljocht rym jit by dichtsje kind." (r.11.173 – 11.188)

Hjirút blykt net, dat Vostaert beskikt hat oer it ûnfoltôge wurk fan Penninc of fierder wurkje koe op dy syn oanwizings. Mar wol blykt, dat Vostaert Penninc in ferwyt docht: it wie dwaas dat Penninc de roman net ôfmakke hat. Sels hat er 3.300 fersrigels skreaun. Dan moat de skieding lizze by $11.200 - 3.300 =$ rigel 7.900 likernôch. Guon learden sizze: 7.840.

Der binne dúdlik ferskillen yn styl te fernimmen tusken de twa skriuwers. Penninc is kalmer en wiidweidiger as Vostaert, de lêste is heftiger en fûlder yn syn beskriuwings en brûkt ek mear frjemde, d.w.s. oan it Frânsk ûntliende wurden.

Grut ferskil is der tusken de twa dichters yn de beskriuwing fan it hof en it fermidden fan de adel. Penninc is hjiryn tige wiidweidich en troch syn sketsen fan feesten bringt er ôfwikseling yn de bûnte en bluodrige, ja barbaarske ridderdieden. Mar Vostaert is likefolle mânsk yn bewûndering foar duels en fjildslaggen.

By Penninc leit foaral de klam op Walewein syn "hoveschhede", syn hoflik en ridderlik gedrach. Hy is hoflik en galant, ealmoedich, net allinne foar froulju oer dy't er rêdt, mar hy is sels genedich foar de Reade Ridder. Dy smjunt krijt nei de bycht: ferjouwing, in deademis en in kristlike begraffenis en dêrmei tagong ta de himel!

3. De ynhâld.

De ridderroman fan Walewein is opboud út trije, ûnderling ôfhinklike "queesten" (speurtochten). It skaakboerd swevet Artur syn hof binnen. Walewein wol it bemasterje foar de kening, dy't syn hiele ryk en de kroan der foar oer hat. Hy rekket finzen yn in grot en moat him ferdigenje tsjin draken. Dochs berikt er lang om let de eigner fan it skaakboerd: kening Wûnder. Dy wol him it skaakboerd wol jaan, mar allinnich yn ruil foar it magysk "Sword mei de Twa Ringen" dat yn besit is fan kening Amoraan. Dy wol it

swurd wol ôfstean, op betingst dat Walewein him de moaie Isabelle as breid bringt. Mei help fan de foks Roges – in prins dy’t troch syn styfmem betsjoad is – komt Walewein yn Endi (= Indië) mar Isabelle har heit, kening Assentyn, nimt Walewein finzen. Isabelle rekket sljocht fereale op ’e dappere ridder, en ek Walewein jammeret syn leafdesfertriet út yn it tichthûs. Mei in list wit jonkfrou Isabelle har leafste te befrijen. Mar it pear wurdt yn it frijen betrape en dan reitsje beide yn de finzenis. Hjurút wurde se befrijd troch de geast (!) fan de Reade Ridder, dy’t Walewein yn syn stjerren ferjûn en holpen hie. Aldergeloks is kening Amoraan ferstoarn en ûntkomt Walewein oan it dilemma fan plicht of leafde. Sa wurdt de held mei hulde en wille ynhelle oan it hof fan kening Artur. En Roges, troch Walewein rêden fan it Faaiefjoer, wurdt befrijd fan syn betsjoening. Mar oft Walewein en Isabelle trouden?

De jonkfrou sliepte ek dêrbinnen.
Oft hja dy nachts yn swiete minne
gearkamen, wel, dat wit ik net. r. 10.293 – 10.295

en:

Ik wit net krekt de wierheid fierder
oft hja troude mei de grutste ridder.
Dy dingen lit ik rêste; finaal
meitsj’ ik in ein oan myn ferhaal. r. 11.169 – 11.172

4. De ynfloed fan mearkes en it Keltyske elemint

Sa is de Walewein in epysk dicht mei nuvere, wûndere fantastyske feiten (suver science fiction) en it masterwurk ûnder de Arturromans yn it Middelnederlânsk. Hoewol’t Vostaert stekken falle lit (hy falt yn herhelling en rekket betiisd) is it ferhaal fierders goed strukturearre. It is skreaun as in lofsang op de “hoofse” Walewein, de heit fan alle aventoeren.

Alles is mooglik mei it fantastysk gemak, lykas yn mearkes. De ferneamde Keltologe Maartje Draak fûn yn it patroan fan de Walewein (mei de trije speurtochten) it type folksferhaal fan Aarne Thompson nr. 550, *De gouden fûgel*, sa't it mearke hjit by de bruorren Grimm. Dan soe it mearke set wêze yn in hofsfeer fan ridders en bewurke ta Arturroman. Knap betocht. Mar it beswier hjirtsjin is, dat de fersys fan it mearke pas yn de moderne tiid oerlevere binne. Mar goed, mearkes binne fan alle tiden, en ridders net. Hoewol, Louis Couperus hat *Walewein en het zwevende schaakbord* (1922) skreaun.

De twa dichters ha in tsjokke, oan aventoeren rike ridderroman makke. In part fan de ferhaalmotiven binne – lykas sein – ûntliend oan in mearke, oare oan kristlike brûkmen en ideeën. Wer in oar part wiist op bekendheid mei Keltyske saken. En hja ha foarkar foar wûnders en wielde.

Noch in oar part is typysk foar de saneamde hoofse roman: it gedrach fan Walewein, de ferhâlding tusken de eallju, de golle gastfrijens, de galante petearen en sels de tafelmanieren (it hieltyd wer hanwaskjen). It idee fan it hiele wurk is: de held sil, nettsjinsteande bergen fan swierrichheden, syn hege doel berikke. En hoe? Troch syn moed, syn hofflikheid, syn leauwe en neisteleafde, dus foaral de eigenskippen, dy't de skaaimerken binne fan de echte “hoofse” ridder.

Op artistike wize ha de auteurs de stof bewurke ta gâns motiven, episoaden en sênes, dy't mei-inoar in treflik byld foarmje fan it ridderlibben. En dat yn rike taal, somtiden sierlike byldspraak troch de skeppende fantasij fan de auteurs. Sa is it in meinimmend en spannend wurk wurden. Koartsein, Walewein is in masterwurk.

5. Beslút

Tsjin de ridderroman fan Walewein binne wol beswieren ynbrocht. Alderearst literêre beswieren: uteraard de herhellings

en ûnlogyske passaaazjes, feroarsake troch de twa ferskillende auteurs.

Mar ôfsjoen dêrfan is der de skamteleaze oerdriuwing, dy't eltse krêft fan oertsjûging mist, om't de realiteit te fier ôf is. It is net te leauwen, dat Walewein allinne it opnimt tsjin achttjinhûndert ridders (2.427) of alle poarten fan it kastiel oermasteret of fiif, seis, sân fijannen mei ien hou delslacht (2.496). It is min te leauwen – of it moat bedoeld wêze as in komyske sêne – dat de brutale hartoch, dy't healdea op it slachfjild leit, Walewein noch útdaget:

“Lit my oerein en 'k toan mei eare
dan myn manier fan triomfearjen.

By God, dy't skoep myn geast en lea,
wannear't ik kin, slaan ik jo dea.” r. 8.633 – 8.636

Is dit om te laitsjen of is de humor ûnbedoeld? Oerdriuwing heart by in satire, mar de Walewein is perfoarst gjin satire.

Hoewol't de foarkar fan de twa dichters foar wielde, lúkse en pracht en praal normaal te achtsjen is, slaan se doch gauris bûten. It Swurd mei de Twa Ringen, it gouden hôf en de fantastyske aventoeren dogge in berop op de sensaasjesucht fan it publyk. Dat wurdt ferbjustere troch al dy wûnders en eksploaten, it wurdt suver betsjoad en it bliuwt harkjen.

Dat hinget gear mei it Keltysk komôf fan dizze roman; dy romans binne fol wûnders, draken, meunsters, tsjoenderij ensafuorthinne. Koartsein: mei it magyske elemint yn mearkes, dêr't alles mooglik is, likegoed as yn Harry Potter syn aventoeren of yn in James Bond film.

In oar beswier ynbrocht tsjin de Walewein is fan morele aard: de einleaze rige bluodrige gefjochten, de wrede ûnmeilydsumens tsjin fijannen. Dochs moat men hjirby betinke, dat dat doedestiids net stridich achte waard mei it “hoofse” ridderskip fan de 'kristlike' kriichslju. En is it hjoeddedei humaner? Yn tiid fan it leger fan de Hear yn de Congo of de massamoard yn Srebrenica? It ekstreem geweld fan Walewein waard doe as normaal beskôge:

Walewein sei: “Ridder, by Gods graasje,
jo binn’ foar my oer al te wreed.
Mar hjirby swar ik jo in eed:
’k sil jo de kop ôfslaan – miskien.” r 8.672 – 8.675

Mar sels by de erkenning fan de grouwel fan dit geweld kin de
lêzer mûlk noch lêsgenot ha fan dit produkt fan twa kreative
geasten út de Midsieuwen.
Dy hope is de reden fan dizze ferfrysking fan de Walewein.

2010

Klaas Bruinsma

De Roman fan Walewein

1-32 oanrin

- * “Oer kening Artur syn wjerfarren
is mannich âld ferhaal bewarre,
lykwols noch nea op skrift werjûn.
Ik bin in moai ferhaal begûn.
- 5* Hie ik it fûn yn Frânske taal,
'k die jim yn 't Nederlânsk 't ferhaal.
Want dit is tige moai, sa 't blykt.
All' ingels fan it himelryk
meie gefoel en brein my jaan
- 10 en ryklik wiisheid dêrta dwaan,
dat myn ferstân sa wurdt besterke,
dat hja de krêft dêrfan bemerke
dy 't hearre sille ta har baat.
- * Kristus, dy't foar ús berne waard,
15 en brea sels makke fan de stien,
jou grutte wiisheid my te lien
foar dit boek, dat 'k har aloan hein
fan 't earst begjin ôf oant de ein!
Ik bid Gods geunst, dat Hy ferjout
- 20 my eltse misset, eltse fout,
dy't ik by 't skriuwen makke ha
fan dit ferhaal, oant d' ein ek ta!”
Sa bea Penninc fan dit karwei,
dy't mannich nacht sels wekker lei,
- 25 eardat er yn syn geast wis wie,
dat hy it boek foltôge hie,
dêr't hy 't begjin fan sein al hat.
Hy smeekt jim hofflikheid no, dat
jim swije sille allegearre.
- 30 Hy lit jim 't fraai ferhaal no hearre.
Oer kening Artur sil er stalle,

al sil it tige swier him falle.
 't Barde dat kening Artur eal
 * te Karlioen siet yn 'e seal
 35 en hof hold, sa't gewoante wie,
 sa't hy sa faak en folle die.
 Fan syn lienmannen ek in tal,
 dêr't ik net elts fan neame wol,
 * wien' dêr: Iwein en Persewaal
 40 en Lancelot en Duvegaal;
 de hofske Walewein wie dêr fierder.
 Gjint wie partoer foar dizze ridder.
 * Hofmaster Kaie noch dêrta.
 Doe't dêr de hearen sieten sa
 45 nei 't miel en hja hanwosken hienen –
 sa't hege hearen altyd dienen –
 seagen hja wûnderlik ferskinen:
 in skaakspul fleach ta 't finster yn en
 striek op 'e sealflier del dêrbinnen.
 50 Wa't woe koe fuort it spul begjinne.
 It skaakboerd lei in skoft dêr sa.
 Mar nimmen gong op 't frjemd boerd ta,
 gjint fan dy't dêr fergarre bleauwen.
 No sil ik 't skaakspul jim beskriuwe:
 55 de poatsjes wien' fan blinkend goud,
 de rânien wien' fan sulver boud.
 It boerd sels fan ivoaren biente
 en ryk beset mei edelstiente.
 Om 't koart te sizzen yn ús sprake:
 60 de stikken hearrend by it skaken,
 wienen mear wurdich, wrychtich wier,
 as Arturs ryk mei alle sier.
 En all' oanwêzgen seagen steech.
 Mar fuort dêrnei fleach 't spul omheech
 65 nei wêr't it wei komd wie, werom.
 Fergrime wie de foarst dêrom

en sei: “k Swar by myn keningskroan:
 dit skaakspul liket my sa skoan,
 Hearen, jim ha it fette wis,
 70 dat it mei reden hjir komd is.
 Dy’t daliks op syn hynder springt
 efter dit spul oan, en ’t my bringt
 en it my leevret yn ’e hân,
 him sil ik jaan myn hiele lân,
 75 en nei myn libben wurdt myn kroan
 wiswier syn eigendom fuortoan.”
 Fan alle hearen dy’t dêr wien’
 doarst gjint op wei te gean, net ien.
 Sa siet dêr elts en swijde fierder.
 80 De foarst sei: “Wa’t him dappre ridder
 fan myn hof toane wol, dy giet
 en hellet my dat spul yndied.
 Oars sjogge wy it nimmer mear
 nei dizze dei in oare kear,
 85 as wy ’t ús sa ûntkomme lieten.”
 Noch swijden allegear dy’t dêr sieten,
 wylst fan gjinien in antwurd kaam.
 Doe’t no de kening dat fernaam,
 sei hy: “k Swar by myn keningskroan
 90 en by de Hear fan de himeltroan,
 en alle macht, dy’t ik al jong
 alear as lien fan God ûntfong:
 Wol gjint it skaakspul helje, nimmen?
 dan sis ik koart en klear tsjin jimme:
 95 dan riid iksels der efteroan.
 Ik wol net langer wachtsj’ oant moarn,
 ear’t it te fier m’ ûntkomd is al.
 Om’t ik perfoarst it hawwe wol,
 gean ik wol sels deroer te set.
 100 As ramp of ûnk ’t my net belet,
 kom ik dermei yn Karloien wer.

Ik sil 't begeare of ik stjer.
 En ik bewiis hjirmei jim ear:
 fan rjochten bin ik jimme hear.
 105 No wurd ik jimme feint hjirmei.”
 Hear Walewein, dy't al den dei
 yn riddereare d' earste wie,
 dy skamme him doe't bliken die,
 der wie gjin ien, dy't foar de foarst
 110 dy opdracht ûndernimme doarst
 foar har hear kening fan it ryk.
 Hy stoep nei foar en tagelyk
 sei hy: “Hear Artur, kening wiis,
 de wurden dy't jo sein ha niis,
 115 ha 'k goed ferstien. Sill' jo foar him
 dy't jo te leanjen taak oannimt,
 jo wurd ek hâlde? Jo seinen 't ta
 mei d' eed dy't jo ús tasward ha?”
 Fuort antwurde de foarst en sei:
 120 “Sa wier my seine barre mei!
 Is der ien ridder yn myn hof
 sa dryst of mei sa'n rom of lof,
 dy't my dit skaakspul stelt te hân,
 him sil ik skinke hiel myn lân,
 125 en nei myn libben wurdt myn kroan
 wiswier syn eigendom aloan!
 En myn ûnthjit feroarj' ik net.”
 Hear Walewein hie 't amper heard
 of hy makke syn rissing ree.
 130 Hy waapne him op slach en stee
 en sei: “Fyn ik it yn in lân,
 dan stel ik jo dit spul te hân,
 mei help fan God, dy't my kreëarre.
 As ik it net folbring, mei 'k stjerre!
 135 Wês wis fan myn ûnthjit yndie.”
 Doe't Walewein bewaapne wie,

brocht men syn hynder Gringolet,
 dat er ferkard' en yn syn hert
 it leafst fan al syn hynders wie.
 140 Doe't de dryste dêrop sitten gie,
 sloech hy in krús mei rjochterhân.
 De held naam hoflik ôfskie fan
 de kening en de keninginne
 en allegearre dy't dêr binnen
 145 wien' mei de kening yn 'e seal.
 Doe winske al it folk him eal:
 "Farwol! dat God ús Hear jo wei
 tsjin smaad en leed behoedzje mei,
 dat jo saak goed beteart yndie!"
 150 En doe't er ôfskie nommen hie,
 doe ried er mei dy winsken fuort.
 Dy't efterbleauwen wienen bot
 oerstjoer; 't hie har yn 't hert oandear.
 Hja seinen: "As 't him misbeteart,
 155 dan hat – by God en syn genede! –
 hy gjin geklei, mar is tefreden.
 Want hy doar dingen dy't in oar,
 nee, nimmen ûndernimme doar.
 Gjin Kristen hearde sûnder mis,
 160 dat earn' ea soks foarfallen is.
 Dus skynt er ús dwylsinnich ta."
 De kening spriek syn neef noch ta:
 "Hear Walewein, pas op jo dwaan!
 Hear nei de ried, dy't ik jo jaan
 165 sil ta profyt by al jo dieden.
 In dwaas kin sels in wiis man riede.
 Nim jo dus en jo hoars yn noed,
 dat jo net sá nei by it boerd
 gean, dat jo lijen ha dêrfan!"
 170 Hear Walewein spoarde skerp oan
 syn Gringolet ta 't flugge wurk.

Mar doe't hear Kai dy oantrún murk,
 rûn er nei 't finster fan 'e seal –
 hear no fan Kai syn taal in steal –
 175 Hy rôp: “Hear Walewein, hear myn ried!
 Wannear't jo nommen hien' in tried
 en hienen dy oan 't skaakboerd strikt,
 dan hienen jo alteast berikt,
 dat 't net ûntkaam. No ha jo 'n strop.”
 180 Hear Walewein sei: “Hâld dochs op,
 hear Kai, mei jo gemiene streken!
 Dat wol ik jo hiel minlik smeke.
 Toe, gun my doch myn aventoer.
 En as 't my swiet smakket of soer,
 185 kom ik der goed of kwea foarwei,
 ik rop jo net te help, hear Kai.”
 Doe ried er fuort mei faasj' en gloed,
 sa dryst as hied er liuwemoed.
 Hear Kai rôp: ”Jou it hoars de spoaren,
 190 hear Walewein! 't Boerd is deun foare.
 It skaakspul doar jo net ûntrinne.”
 De foarst en alle oaren binnen
 seinen: “Hear Kai, staak 't gekjen doch.
 Wy hawwe fan sok praat genôch.
 195 Wêrom him net gean litt' op wei
 nei wêr't de Hear him hoedzje mei?
 Sels binn' jo net sa yn de kearn,
 dat jo de taak doar' oan te gean,
 dy't Walewein oanfette hat.
 200 En Walewein ried fuort; in hoart
 bleauwen hja yn 'e seal, noch mear
 oer Walewein yn drok petear.
 De kening en de keninginne
 * gongen de toer op nei de tinnen
 205 en seagen Walewein nei. As hja
 die elts, 't sij lyts of grut, no sa: